



De Twirre



maart 2023



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 40e jiergong nr. 1: maart 2023. De Twirre is it fearns-
jiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 maaie by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		06 33 69 49 32
Ponghâlder	Pier Bergsma pu.bergsma1944@gmail.com		0546 - 57 57 30
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564 06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	vakature		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-
nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

Yn septimber hie Joke Koopman út Almelo har al opjûn as nij lid fan de
krite. In skoftsje letter binne Thea en Hette Geertsma ek lid wurden. Wy
hoopje dat se it by ús ne 't sin ha sille.
Oant sjen op ien fan de krite-aktiviteiten.

Belangrike data

Tiisdei 12 sept. Kritereiske nei Harns, Frjentsjer en Dronryp. Opjaan by Grieteke van der Veer, 074 - 291 8564 of 06 51 99 09 19.

Sneon 16 sept. It Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier! Feest yn Swolle. Predikaat “Keninklik” oanfrege. Mear ynformaaskje fierderop yn dizze Twirre.

Okt/nov. Kabaret- of toanieljûn?

Hûs fan stilte Tjits Peanstra (1924 - 2014)

*Lit ús in hûs fan stilte bouwe
mei muorren fan leafde
en in dak fan frede,
mei keamers fol blydskip
en in tún
in tún
mei wat ljocht
en wat skaad,
mei wat sjongende fûgels
en in slûgjende kat op it paad.*

*Lit ús in hûs fan leafde bouwe
mei muorren fan begryp
en in dak fan fertrouwen
en in hiem om te sintsjen
en keamers
keamers
om yn te ferdwinen,
elkoarren te sykjen,
elkoarren te finen.
Lit ús in hûs fan stilte bouwe.*

Fryske útdrukkingen

Jo kinne:

- der út rinne: oars as in oar wêze, útblinke.
- net swak byspylje: goed meidwaan, fan belang wêze.
- út ein sette: mei wurk of oan in reis begjinne.
- op ien ein wêze: optein wêze, lilik, oerstjoer wêze.
- immen skouderje: immen fernederjend behannelje.
- op ferhaal komme: better wurde, opknappe.
- it net stean: it net fertrouwe.

Jiergearkomste op sneon 28 jannewaris

It sealtsje fan it Boarterstúngebou rint moai fol. In lytse 40 kriteleden binne fannemiddei oanwêzich. Nei de wênstige kofje/tee mei oranje-koeke iepenet foarsitter Siebe Hiemstra de fergadering. Grieteke van der Veer lêst it gedicht “Hûs fan stilte” foar en we sjonge it Fryske folksliet mei begelieding fan Hendrik Tel op syn hoarn. It jierferslach fan skriuwer Auke Hoekstra wurdt goedkard en nefens de kaskommisje is de sinteraasje fan ús ponghâlder Pier Bergsma ek kreas yn oarder. Yn it bestjoer is Grietsje Posthuma ôftredend en werkiesber, dus dy giet noch wol in eefkes troch. Eins is der al in skoft in fakature yn it bestjoer. It sykjen nei in nij bestjoerslid is noch net slagge en hjoed stekt ek net ien de finger op. Der bliuwt dus in fakature. We sjogge foarút nei it programma. Op 4 maart ha we in toanieljûn by Vrieler. As der wer in reis-ke organisearre wurde sil, moatte der op syn minst 30 dielnimmers wêze, oars moat der te folle jild by. Of wolle we meielkoar nei de musikal “De Tocht”, dy’t fan ’t hjerst yn Ljouwert opfierd wurdt yn in spesjaal dêrfoar makke teater mei echt iis? Dat sil wol te djoer wurde. Elk kin dêr ek op eigen gelegenheid hinne gean. De Les- en

Lêsgroepkes ûnder lieding fan Eeke de Boer rinne goed. Beide groepkes besteane út sân dielnimmers.

Foar de Twirresjongers wurdt it dreech. Tidens de Corona-perioade hat alles stil lein. Der is ek gjin geskikte oefenromte mear. Dirigint Hidde Walstra seit dat der ek minder belangstelling is troch ferâlder- ring fan de koarleden. Dat it liket derop dat de Twirresjongers útsongen binne.

It kriteblêd de Twirre is ek yn de Corona-jierren hieltyd ferskynd. Ali en Jelle wurde betanke mei in blomke, lykas Hendrik en Tjesje dy ’t foar de adresstickers en it ferstjoeren soargje.

Nei it skoft komt ús kritelid Lieuwe Seinstra oan it wurd. Hy hat in nijsgjirrige presentaasje makke oer syn hobby, modelbou. Lieuwe is fan 1933. Hy hat in oplieding hân as ynstrumintmakker yn Leiden. Nei syn pensioen is er eins mei syn hobby begûn. Hy hat in oantal Fryske klokken makke en ek boartersguod. Hy makket ek graach bysûndere weintsjes of karkes, lykas in mosterkarre, in heawein en in pitroaljekarre. Dy hat er ek meinommen en hjir op ’e tafel setten. Lieuwe brûkt foar syn prigelwurk meastentiids restanten, ôffalhout en drinkblikjes. Fan dy

blikjes makket er bygelyks de hoepkes om de mosterfetsjes. Beukehout fan âlde drompels fynt er ideaal om mei te wurkjen. De frachtauto dy 't syn heit eartiids brûkte, hat er yn it lyts neimakke

as in op ôfstân bestjoerbere frachtwein, in meesterwurkje! En dat rydt hjir samar troch de seal. It is in moai ferhaal! Hjirnei slút Siebe de middei en hy winsket ús wol thús en oant sjen!

□ Ali

Hoe grut is de himel?

Op de Veluwe leauwe se bot oars as yn Fryslân. Ik ha dêr oer neitocht en ik tink dat ik wit hoe't dat komt. Asto op de Veluwe omheech sjochst, dan is der troch alle beammen mar in lyts stikje loft te sjen.

Sa komt dat men dêre tinkt dat de himel mar lyts is en dat der mar krekt plak is foar in lyts oantal minsken. Mar wa't yn Fryslân is, sjocht de himel fan hoarizon oant hoarizon, net te befetsjen sa grut. Dêr is romte foar elkenien.


□ Siebe H. Hiemstra

Even puzelje

In oplossing fan de foarige puzel wie: Frjentsjer, as de iennige offisjele stêd yn it rychje. Dy oplossing ha ik in pear kear heard. Wat ik sels yn 'e holle hie, wie lykwols: Drachten, it iennige plak dat yn it Frysk en yn it Nederlânsk deselde namme hat.

No in rebus. En dy ha ik oernommen út it *Lyts Frysk Puzelboek* fan Gerbrich de Jong. Dat hie ik fan Sinteklaas krigen. Fan de neikommende plaatsjes kinne jo in moai Frysk wurd meitsje.

□ Eeke



Kop-Hals-Romp, de Greidhoeke

De Greidhoeke is fan âlds it feefokkersgebiet fan Fryslân. It leit sa tusken Ljouwert, Frjentsjer, Snits en Boalsert yn. It iennige reliëf yn it lânskip wurdt foarme troch âlde terpen, kwelderwâlen en slinken. De Greidhoeke is in lapketekken fan ûnregelmjittich foarme stikken greide, kronkeljende diken en tsientallen lytse doarpkes en buorskippen mei moaie nammen as Lutjelollum, Tzum en Grauwe Kat. De faak rike boeren op it fruchtbere lân seagen del op de earne boeren fan de sângrûn yn it súdeasten fan de provinsje. Healwei de 19de iuw waard de tiid noch better foar de Greidhoekse boeren. Trochdat de Fryske bûter o sa goed ferkocht waard yn Londen, giene de bûterprizen flink omheech. De boeren lieten steatlike kop-hals-romp pleatsen bouwe mei in opkeamer, sa as boeren fan aadlike komôf earder ek al diene. Boppe op de boereskuorren kamen faak ûlebuorden te stean, trijekantige, grien-wite buorden dy't de nokbalke fan it dak tsjin rein en wyn beskermen. Omdat de boeren graach ûlen yn de skuorre ha woene, om mûzen te fangen, waard in rûn gat yn it boerd iepen litten. Ulebuorden binne der yn in soad fariaasjes, altyd ryklik fersierd. Oan de motieven wurde fal romantyske betsjuttingen takend. Sa soene de swannen, dy't it measte foarkomme, it symboal wêze foar de houlikse trou tusken boer en boerinne. Blommen en bloeiende toeken soene de fruchtberens befoarderje. Mar it is net wis dat de ornamenten yndertiid sa bedoeld wiene. Rike boeren woene foaral pronkje mei de fersieringen. In moaie kop-hals-romp pleats is *Linde Zathe* yn Nijlân, ek in B&B.

- “200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben” Annemarie Bergfeld



Kâld

*De snie twirrelet
Suver en stil
Alles sa smetteleas wyt
Djip in de waarme winterjas
Mûtse op
De gongbere rûte
Allang kwyt.*

*De leadgrize winterloft
Smoarch en swier
Leit as in tekken oer it lân
Kâld is it
Feninig kâld
It fototastel
Yn 'e rjochterhân.*

*Dan, ... ynienen
Wifeljend en wûndermoai
Komt strieljend de sinneskyn
Alles baait yn
ljocht en loft
De kjeld
Liket lang lyn.*

Kâld

*De snie twirrelet
Wyld en wiet
Rjocht yn it gesicht
Op 'e fyts troch de stêd
De mûtse ferjitten
De reinjas
Net wetterticht.*

*De lange rige auto's
Spuije en spatte
De wietichheid yn it rûn
Och..... de ljochte broek
De nije skuon
In rotsoai
Kâld en ûngesûn.*

*En dan,.....ek dat noch
Skerp en skrikkend
Komt stekkend de sinneskyn
Gau nei hûs ta
In bak waarme kofje
De kjeld
Liket lang lyn.*

Twa wintergedichten, makke troch Jansje. Hja sit yn it lêsgroepke fan Eeke de Boer. Yn desimber kaam in gesprek op it meitsjen fan rymkes en gedichten. Eeke stelde foar om it ris te prebearjen mei as ûnderwerp “Winter”. Doe’t we wer byinoar wiene yn maart hat Jansje har twa gedichten foarlêzen. De sfear tusken beide is krekt even oars.

Sa kin 't wol, net dûmny!

In dûmny út Hollân hie syn bêst dien om Frysk te learen. Dat wie maklik by hûsbesyk en sa. Op in kear wie hy by immen en krige wer kofje oanbean. Dûmny hie al twa kear kofjedronken dy moarns dat hy betanke. Hy sei: “Nee, tankewol, ik ha fannemoarrn al safolle kofje dronken, dat ik ha earlik sein de bealch fol!”

□ Marten de Boer

Anekdoates út “Heil on Seil”

Op fersyk fan ien fan de kriteleden in pear stikjes út “Heil om seil” fan Hylke Speerstra. Dit boek mei skippersferhalen ferskynde yn 1968. Der stiene ek foto’s fan skûtsjeskippers yn. Yn 2002 is it boek opnij útjûn, doe mei portret-tekeningen fan Anne Tjerckstra.

Tsjintwurdich? Der wurdt mar raak mei dy skûtsjes omknoeid. Dan moat der wer in stik tuskenyn en dan is er wer te lang. Of de mêst moat foarliker of nei efteren. Mar better wurde se der noait fan. Nee, dan âlde Eeltsjebaas fan De Jouwer. Dy rûn op ’e helling by it skip lâns, drukte syn prûmke tsjin de sydkant en sei tsjin de feint: “Sjoch, dêr moat it swurd sitte.”

Op in jûn siet ik oan ’e kant fan de slûs te snoekfiskjen. Ridlik gau wie it raak. Ik krige der sa’n grouwen oan dat ik suver skuorre moast. Wylst ik wat foaroer hong om it meunster by syn lurven te krijen, foel út myn festjebûse in sulveren gûne, krekt yn dy snoekebek. Op ’t selde stuit bruts it snoer en de snoek naaide. In pear jier letter lei ik mei ’t skip oan de oare kant fan dyselde slûs. En dêr krij ik wer goed byt. Doe ’t ik syn kop boppe wetter hie, tocht ik “Do bist dyselde aartsfader fan okkerjiers, mar no giest foar de bile.” It slagge. Mar wat tochten jo wat er yn syn bek hie? Nee, net dy gûne, mar trije kwartsjes. Hy hie ien kwartsje betelle foar it skutten.

By it hurdsilen te Grou stie in âld skipper en sei: “Fytsemakkers binne it ynpleats fan skippers. Dat fart mei in skip om. En hurd waaie docht it noch net iens. Wy hat it ris hân, doe waaide it in stoarm. Mar der siet mar ien oan de fokkeskoat, en de âldman allinne efterop. Wy hongen der sa yn, dat de gyk wol seis foet troch de mar feegde. Mar soks seagen wy net oars fan. Ik siet gewoan mei ús mem en de feint op it loefswurd te kaarten.”

Skipers meie ûnderelkoar dan wolris spul ha, mar as it deropom komt, is it ien grutte famylje. Dat blykt wer op in moaie simmermoarn by Heech. It is stil, suver al waarm, en o sa hoarich. It doarp is wakker. Skipper Sjoerd skoot stadiich troch it Far. “Dêr koe op ’e mar Jabik wol mei syn boltsje oankomme,” seit syn wiif. In boer soe sa út ’e fierte allinne mar sjen kinne dat it in skip wie, mar Sjoerd en Janke witte better. Sjoerd-en-dy ha fansels hiel wat te bepraten mei Jabik-en-dy, en dêrom begjint it pe-tear al, wylst Jabik noch in hiel ein út ’e reek is. “Wat hast yn,” raast

Sjoerd. “Berltsumer spek (*sipels*)” wurdt der werom raasd. Hiel Heech wit efkes letter wat beide skippers yn ha; hiel Heech kin no ek witte dat der in bytsje fracht op ’e skippersbeurs wie. Yn ’t foarby gean dogge Sjoerd en Jabik it kalmer oan. Hja kinne elkoar no prattende wei wol ferstean. Mar as hja

al wer yn elkoars sok farre en elk in kant opgean, moat der wer fûler roppen wurde. As Sjoerd al hast wer út sicht is skreaut er noch: “En binne jim allegearre noch goed by ’t spul?” “No ja,” kin Jabik noch krekt weromraze “Us Haitze moat oardel jier sitte, mar dat wolle wy stil hâlde.” □

Taxi-sjofeur

De taxi riidt troch de stêd. De passagier efteryn hat in fraach. Hy tikket de sjofeur op’e skouder om wat te freegjen.

De man wurdt dêr sa kjel fan dat er in gjulp jowt en de macht oer it stjoer ferliest. Hy rekket fan syn baan ôf, mist in beam, skowt it trotwaar op en bliuwt krek foar in winkel stean. Hy draait him om.


“Man, wat litte Jo my skrikke, ik rekke hielendal de kluts kwyt,” seit de sjofeur. “Ik wist even net mear hoe’k it hie.”

“Dat spyt my,” seit de passagier, “dat wie net de bedoeling, ik hie jo wat freegje wollen. It spyt my dat ik jo skrikke liet.”

“No, it is ek net fuortdaliks jo skuld. Sjuch it sit sa, ik bin hjoed begûn te taxi-riden, jo binne suver myn earste klant. Hjirfoar ha ik fiifentweitch jier op in begraffenisauto riden.”



’t is net sa’n toer om er kreas út te sjen



ASTO NOCH NEA WAT DIEN HAST

Kritejûn by Vrieler op 4 maart

Foarsitter Siebe Hiemstra iepenet de jûn mei it gedicht fan Tsead Bruinja dat hjoed yn de bylage fan Trouw stie. Der sitte net sa hiel folle minsken yn de seal. Hendrik Tel hat syn hoarn wer meinommen dus it folksliet wurdt wer songen mei syn begelieding. It selskip út Drachten, de Lytse Kommeedzje, spilet de klucht “Ik wol gjin oare mem”. Sa’n klucht is net echt “myn ding” en it giet ek al krekt as mei alle kluchten. Misferstanden en ferwikselingen, op ’t lêst witte je net mear wa no eigentlik wa is en wa’t goed of ferkeard is. Mar der wurdt wol lake yn de seal en de spilers ha de gong der goed yn. Krekt as altyd rint it wer goed ôf, mar wol hiel oars as ferwachte. Yn it skoft fansels even sneupe by de boeketafel fan Eeke mei twaddehâns boeken en tydskriften. By de ferlotting giet hast elk mei in pryske nei hûs.

□ Ali

oars bin ik mei dy (Tsead Bruinja)

*eigen bin ik dy net langer frjemd
omjûn ûntjûn opjûn troch dy
mei wa’t it dik oan is
mei wa’t ik troch it libben gean
mei wa’t ik troch it libben moat
bin ik oars*

*oars bin ik mei dy
oars en neaken
eigen bin ik mei dy
ûntsifere besifere
opnaam dield
eigen, net langer frjemd*

*beam fiich en blêd
binne wy bleat
yn ús genedige feltsjes fan ljocht
strûpt troch hoechsto my
ik dy besjoch*

*op in swart bêd lykje ik wyt
yn in swart hok
kom ik los
bliuw ik net langer skraal en lyts
wa’t ik sjen kin
neaken bin ik
mei dy is ik
in oar nei*



Tsead Bruinja wie fan 2019-2021 “Dichter des Vaderlands”

Kritereiske op 12 septimber

Der binne plannen foar in kritereiske op tiisdei 12 septimber.

De reisdoelen binne:

- **Harns**, mei in boattocht.
- **Frjentsjer**, besyk oan it Planetarium.
- **Dronryp**, rûnlieding op de âlderlike pleats fan foarsitter Siebe Hiemstra, dêr't syn broer no buorket.

De kosten binne ek noch net bekend, mar it startpunt fan de bus sil wol wer by Van der Valk yn Hengelo wêze.

Alles is noch net hielendal yn kalk en semint, mar opjaan kin al wol!

Der moatte op syn minst 30 dielnimmers wêze, oars wurdt it te djoer.

Opjaan by: Grieteke van der Veer 074 - 2918564 of 06 51 99 09 19.

Maaitiid (Jurjen van der Meer)

*In sêfte waarme sinnestriel
op lytse koweblomkes,
De earste stapkes bûtendoar
op nije lytse klomkes.
De knoppen fan de hagedoarn,
se brekke omtrint iepen.
Dy fan de âlde iik noch net,
dy lizze noch te sliepen.
De jerke op 'e einekoer
sjocht wakker om him hinne.*

*De bûtergieltsjes sjonge 't út,
moast sjen hoe moai 't wy binne.
In protter sleept wat rûchte mei,
ferdwynt ûnder de pannen.
In mol fernielt myn tegelpaad,
hat hy ek wat om hannen.
In klyster fynt in plakje
yn de klimmer tsjin it skut.
In bosk fan tekens yn 'e tún,
moai dat it maaitiid wurdt.*



Jubileum 100 jier FBoU - sneon 16 septimber 2023



Alle Friezen om Utens binne dy dei wolkom yn Wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2 - 8014 AZ Swol. Programma:

10.00 - 10.50 o. Ynrin

11.00 - 11.20 o. Wolkom / Iepening / Frysk folksliet

11.20 - 11.30 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

11.30 - 11.45 o. Taspraak bekende Fries om utens

11.45 - 12.00 o. Utrikken Jubileumboek oan Hâns Dijk en Jitske Kingma

12.10 - 12.20 o. Grytsje Kingma en Rob du Jardin

12.20 - 12.32 o. Utrikking predikaat KENINKLIK

12.32 - 12.40 o. Jubileumliet troch Grytsje Kingma en Rob du Jardin

12.40 - 13.50 o. Lunsj - toast útbringe op 100 jier FBoU

14.05 - 14.30 o. Bounskoar (Swol, Boadegraven en Lelystêd) sjongt

14.35 - 15.00 o. Gurbe Douwstra treedt op

15.00 - 15.20 o. Skoft

15.30 - 17.00 o. Spesjaal Jubileumprogramma fan HYMPHAMP

17.00 - 18.00 o. Tiid foar moeting en petear

18.00 - 19.15 o. Waarm en kâld buffet

19.15 - 19.30 o. Ofsluting - prizen fan de ferlotting ôfhelje



(Opstjoere nei: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

Opjefte-formulier Jubileumfeest FBoU 100 jier sneon 16 septimber 2023.

Jawis, ik / wy komme nei Swol foar dit Jubileumfeest

Namme :0 ien p./ 0 twa p.

Adres :

Wenplak :

e-mailadres :

0 de hiele dei - 25,00

0 allinnich moarns (sûnder lunsj) - 10,00

0 allinnich middeis (mei lunsj) - 15,00

0 evt. dieet-winsken

Kosten oermeitsje op rekkennûmer NL94 INGB0 0003 200 77 fan it FBoU yn Hoarn fermelde mei namme en FBoU100

Peaske-aaien

Gjerrits Hinke hie nochal wat ferwachting fan dy feriening. Troch Kobus' Sjoukje wie se opwaarme dy't al jierren lid is. Oare deis kaam Hinke by ús efterom. De hân ûnder de skelk. Sûnder ynlieding of wat dan ek, sei se: "Treurich". Wy wisten fuort dat se dêrmei it oerdiel oer Sjoukje's fereining útsprik. Nochrisei se: "Treurich en mear as dat". Om dy wurden krêft te jaan helle se de hân ûnder de skelk wei. "Sjoch".

Se liet ús twa aaien sjen dy't se grien opferve hie as gers. "Se bringe dêr har tiid ynein mei it opfervjen fan peaske-aaien." Der wie ôfgrizen yn Hinke har lûd. Deemoedich sei hja der efteroan: "Ik ha net op myn plak west. Dat wol 'k wêze. Ik hie der wat fan sizze moatten. Ik hie de moeder net ta en ha der oan meidien. Ik begûn net mei figuerkes, mar ha se fel grien makke om de oaren sjen te litten dat ik de gek dermei hie. Likegoed mis. Ik hie opsprekke moatten. Ik ha der fannacht eins net iens fan sliept, grutte froulju dy't oars foar Peaske neat witte te dwaan as aaien opfervje. It is fier komd." Skodholjend is Hinke wer ôfstutsen. De griene aaien ûnder de skelk.

□ Paulus Akkerman, út: "Wat wie 't wat"

Baukje Wytsma stoarn

Yn har wenplak Reduzum is 29 desimber dichteres en skriuwster Baukje Wytsma stoarn (76 jier). Se ferrike de Fryske literatuer mei in grut ferskaat oan bydragen yn ûnderskate sjenres. Baukje begûn mei opsiferskes foar lytse bern doe't se as beukerjuf foar de klas stie. Letter makke se ek gedichten en teksten foar folwûksenen. Foar Anneke Bouma skreau se *Bonkefeart* en foar Simmer2000 it liet *Fries om Utens*. Beide lieten waarden evergreens. Dichtsjen wie foar Baukje in wize fan libjen.

Leafde (Baukje Wytsma 1946 - 2022)

*De leafde is in himelfjoer,
it lôget op, it bettert oer,
't oerfalt dy ienris,
ier of let, hast gjin ferwar,
do kearst it net.*

*Meast is it feest,
soms docht it sear
en ivich smakket it nei mear.
Mar 't moaiste is
de earste kear.*

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Nijs út Fryslân

Skoatterlânse wei ûnfeiliger wurden. De Skoatterlânse wei rint troch Mildaam, Ald- en Nijhoarne nei Jobbegea. It is by dy dyk folle tsjusterder wurden omdat de gemeente 100 lantearnepeallen fuorthelle hat, om te besunigjen op de kosten foar elektra, mar ek om de ljochtfersmoaring minder te meitsjen. It tsjuster is better foar de natuer. Mar de bewenners fan Mildaam, Ald- en Nijhoarne meitsje har soargen oer de feiligens. Yn it gebiet komme nochal wat damherten foar dy't geregeld foar gefaarlike site-waasjes soargje. De herten binne ôfkomstich fan it eardere hertepark yn it Oranjewâld. Dêr is ferskate kearen it hekwurk fan fernield.

Wiene der Friezen op de Faröer? Wie der eartiids in Fryske koloanje op de Faröereilannen? Wol as wy de mearkes, ferhalen en ferskes oer Friezen op de eilannen leauwe meie. Egentiidske bewiis foar de oanwêzichheid fan Friezen op de eilannen dy't 400 km boppe Skotlân lizze, is der lykwols nea fûn. “Mar it is net ûnmooglik dat se der ea west ha,” seit Hilbert Vinkenoog. Hy is thús yn de skiednis fan Noardwest-Europa yn de Midsiuwen. Der binne ferhalen en ferskes oer Friezen yn it Faröersk. Op de eilannen boartsje de bern in *Frisaspul* en der is in muzyk-sjenre dat *Fri-sonir* of *Frisa* hyt mei ferskes en folknûmers oer Friezen op de eilannen. It nijsgjirrige is dat de Friezen yn de ferhalen gjin boeren binne, mar see-rôvers en piraten. Yn 'e rest fan Europa hienen de Noarmannen de rol fan piraat yn 'e folksferhalen, mar op Yslân en de Faröer binne dat de Friezen.

Farrûte nei it Amelân. De fargeul nei it Amelân sliket hieltyd oan beide kanten ticht. De boat nei it eilân kin der mar amperoan troch. Der binne al ôffearten skrast, omdat de rederij net feilich troch de geul koe. Om de farrûte sa begeanber mooglik te meitsjen wurdt der alle dagen baggere. It sân fan de fargeul wurdt nei in oar plak brocht. Dêrfoar jilde dan wer bepaalde natuerwetten. Dy wetten skriuwe bygelyks foar dat de bagger yn it Waadgebiet bliuwe moat. Dêrom is is eins “*dweilen met de kraan open!*”. Rederij Wagenborg fynt dat de oerheid derfoar soargje moat dat de Waad-eilannen goed berikber bliuwe.

Tsiis fan Skier. Op Skiermûntseach ha de sân feeboeren besletten minder kij te hâlden. Dat is better foar de natuer, want minder stikstof. Mar it is ek goed foar de tsiisleafhawwers. Want fan de molke meitsje de boeren no tsiis: “Kaas van Schier”. □

Resept

Salmbonbons mei pesto (foar 4 persoanen)

4 salmfilets sûnder fel fan 125 gr; 6 plakjes rauwe ham; 4 flinke ytleppels farske pesto; 1/2 sitroen; skeutsje olive-oalje.

Oven foarferwaarmje op 200 gr. Snij elk stik salm yn trijen sadat je 12 fjouwerkantsjes krije. Besmar de boppekanten mei pesto, mar hâldt in flinke teeleppelfol oer foar de saus. In bytsje sitroenskyl boppe de fisk fyn raspe. Snij de rauwe ham yn de lingte trochmidden en wikkelfe de repen om de salmblokjes. Lis de stikjes fisk yn in lichtsjes mei oalje ynfette ovenskaal. Set se 6 minuten yn de oven oant de ham knapperich is en de salm krekt gear.

Lis op elk board trije salmbonbons. De oerbleaune pesto mei in skeutsje olive-oalje en in bytsje sitroensap ta in tinne oalje-achtige saus rierde en om de salm hinne drippe. □ út: Het grote zonder pakjes & zakjes kookboek

Tiden hawwe tiden

Himpens 1965. Faak strûpten winterdeis grutte stikken fan Midden-Fryslân ûnder wetter. By sterk iis waarden it hiele flakten, koenen de minsken dwers oerstekke troch it wetterlân.



Boekenijis

De earlike finer, it boekewikege-skink fan de nasjonale boekewike wie ek dit jier te krijen yn it Frysk. *De eertlike vinder* fan Lize Spit is yn it Frysk oersetten troch Jetske Bilker. It boekje wie yn de Boekewike fergees bij oankeap fan 15,00 euro oan Nederlânske of Fryske boeken. De boekewike wie fan 11 oant 19 maart.

En dat foar in kat, Ate de Jong. As skoaljonge hat Ate de Jong oait in kat sadanich mishannele, dat er dêr in libbenslang skuldgefoel oan oerhold. No sechstich jier letter skreau er in boek om it te ferwurkjen. De ferteller yn it boek is Bonne, in kat dy't út 'e doeken docht hoe't er yn elk fan syn njoggen libbens hieltyd wer mei Ate te meitsjen krijt. De oarlochsjierrren spylje ek in rol yn it boek, dat twatalich is. *Priis: 19,50.*

Exit Fryslân, Goffe Jensma. Goffe Jensma hat koartlyn op net al te fleurige wize ôfskie nommen as heechlearaar Frysk yn Grins. Likegoed hat er de moed opbrocht om in bondel te meitsjen fan stikken dy't er de lêste tweintich jier oer Fryslân skreaun hat. It boek Exit Fryslân is tige lêsber, hy hat in skerpe en heldere styl. *Priis: 27,50.*

Der dy namma fan heten is, Pieter Duijff. By it meitsjen fan wurdboeken, syn deistich wurk, spylje

plaknammen gjin rol. Spitich eins, want de skiednis fan plaknammen is soms like nijsgjirrich as dy fan wurden. Yn *Der dy namma fan heten is* beskriuwt Pieter Duijff de skiednis fan 430 plaknammen yn Fryslân. *Priis: 22,50.*

De lêste oerstek, Brian McGilloy. Yn it Frysk oersetten troch Ammerins Mons - de Boer. It boek spilet yn Belfast, Noard-Ierlân. It beskriuwt hoe't de boargeroarloch, de "*Troubles*" noch altyd neiwurket yn it heden. *Priis: 23,50.*

Fryslân yn de Gouden iuw, Philippus Breuker. De Fryske identiteit is in útfining út de njoggentjinde iuw, de tiid fan de roman-tyk. Neffens Philippus Breuker wie dat lykwols net de earste kear dat de Friezen harsels op it boarst sloegen om har fan de Hollanners te ûnderskieden. Dat diene se 200 jier earder ek al, hy beskriuwt dat yn dit nije boek. *Priis: 49,90.*

By beppe útfanhûs, tekst en yllustraasjes fan Mirjam van Houten. Berne- en foarlêsboek mei moaie tekeningen. De skriuwster fan dit boek, Mirjam van Houten, hat dan ek de Diet Huberpriis krigen foar dit boek. De Diet Huberpriis is fan't jier foar it earst útrikt en is ornearre foar it bêst yllustrearre berneboek fan it ôfrûne jier. *Priis: 14,95.*

□ Ali

Witte jo dat ...

- It der wer tige om spand hat oft it toeristeprojekt “Holwerd aan zee” troch gean kin? De Holwerters witte, ek nei tsien jier, net fan ophâlden. De deputearre woe de stekker der útlûke, mar de Provinsjale Steaten ha dat keard. Der komt no noch wer twa miljoen foar in ûndersyk nei de helberheid fan de saneamde natuerlike fariant fan it projekt.
- Yn it earste wykein fan maart wer prachtige riderijen yn Thialf west ha, mei de wrâldkampioenskippen ôfstannen? Mar dat it net wis is oft der fan 't simmer wer iis, it saneamde simmeriis, op 'e baan komme sil fanwegen de hege enerzjykosten?
- De snieklokjes en de akonietsjes dit jier ek al wer betiid yn bloei stiene?
- It telefyzje-spektakel oer de krusiging fan Jezus Christus, *The Passion*, dit jier yn Harns opnommen wurdt?
- Der ûnder druk fan Fryske skriuwers, de Provinsje Fryslân en Den Haag dochs wer in heechlearaar Frysk yn Grins oansteld is? Arjen Versloot, no heechlearaar oan de universiteit fan Amsterdam, wurdt foar in perioade fan 5 jier foar twa dagen yn 'e wike útliend oan Grins.
- It wie even ûndúdlik, mar it mei tenei: de naturalisaasje-eed yn it Frysk ôflizze. Foar in Portugeeske frou, dy't troud is mei in Fries, kaam dit beslút te let; lokkich hie se foar de sekerheid ek mar de Nederlânske tekst meinommen.
- Hurdftser Lieuw Westra yn jannewaris stoarn is? Hy hie súkses ek yn 'e Tour de France. Lieuwe waard 40 jier.
- Efter op dizze Twirre wer in foto út Fryslân stiet. Witte jo fan hokker plak? De foarige kear in winters plaatsje fan de Wortelhaven yn Dokkum.



Ik swar dat ik de grûnwetlike oarder en de frijheden en rjochten fan it Keninkryk Nederlân respektearje en swar de plichten dy't it steatsboargerskip meibringt trou te ferfoljen. Dat ferklearje en ûnthjit ik.



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@/stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynst de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker
Hengelo**

Winkelcentrum Hengelse Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

